

## 1. Ynliding

### Op ús eigen wize

Yn dit boek wurde sân 'capita selecta' (selektearre haadstikken) behannele út it bibelboek Hannelingen fan 'e apostels. Dat is it fiifde boek út 'e Grykske Bibel (it Nije Testamint), dat skreaun is troch deselde auteur as it evangeelje fan Lukas. Wylst it earste boek fan Lukas giet oer wat Jezus allegear dien hat oant de dei dat er opnommen waard, giet it twadde oer de perioade dêrnei.<sup>1</sup> It giet dus oer dy perioade dat de apostels der allinne foar stienen en foarm jaan moasten oan 'e beweging fan kristenen dy't letter de namme fan 'tsjerke' krijt.<sup>2</sup> It giet oer de hannelingen fan 'e apostels, it betiidste stikje fan 'e 'tsjerkeskiednis'.

Ien fan 'e wichtichste ûntjouwings yn dy perioade hat west dat it ferhaal fan Jezus net beheind bleau ta Joadske minsken allinne (krekt as Jezus en de apostels sels), mar dat ek oare, net-Joadske, minsken har derby joegen. Minsken út oare folken (faak 'heidene' neamd) fielden har oanlutsen ta it ferhaal fan Jezus en sleaten har oan by de Joadske learlingen fan Jezus. Dat barde net allinne yn en om Jeruzalem, mar ek bûten Israel. De beweging gie letterlik de grins oer en dat sette dy jonge (Joadske) beweging foar grutte fragen en útdagings. Want hoe moasten dy nije 'heidenske' folgelingen opnaam wurde yn 'e groep fan Joadske learlingen? Wie it wol mooglik dat minsken fan bûten it ferbûn fan God mei it Joadske folk meidwaan koenen? Moasten sy net earst diel wurde fan it Joadske folk en pas dêrnei folgeling fan Jezus wurde? Ik doar te sizzen dat dat miskien wol dé sintrale fraach is fan it boek Hannelingen fan 'e apostels én fan de brieven fan 'e apostel Paulus, dy't yn de Grykske Bibel folgje op it boek Hannelingen.

Yn dit boek bestudearje wy hoe't it antwurd is en wêze kin op de fraach: 'Op hokker wize krije de net-Joadske minsken (de 'heidene', of better: de minsken út 'e folken) in plak yn 'e Jezusbeweging? Wy sille besykje út te finen wat de swierrichheden wiene en hokker antwurden jûn wurde yn 'e Bibel. De brieven fan Paulus jouwe in goed ynsjoch yn 'e earnst fan 'e swierrichheden. Paulus giet yn al syn brieven yn op 'e konflikten tusken Joadske kristenen en net-Joadske kristenen. Ik sil yn dit boek dêrom gauris nei dy brieven ferwize. It binne ommers de earste en bêste histoaryske boarnen wat it

---

<sup>1</sup> Sjoch Hannelingen fan 'e apostels 1:1. Yn dit boek brûk ik de Fryske Bibel fan 1978 (Haarlem - Bortel: Nederlands Bijbelgenootschap en Katholieke Bijbelstichting, 1978). Dy ferzje stiet ek op ynternet: [www.debijbel.nl](http://www.debijbel.nl)

<sup>2</sup> Yn Antiochië wurde de learlingen fan Jezus foar it earst 'kristenen' neamd. Sjoch Hannelingen 11: 26.

kristendom oanbelanget. Mar it binne en bliuwe brieven. Dat wol sizze dat sy skreaun binne foar in spesjale doelgroep, faak ek as reaksje op in eardere brief of op eardere foarfallen. Wy moatte yn biten en brokken it antwurd op ús fragen derút distillearje. Dat is wol mooglik, mar it boek Hannelingen is spesjaal skreaun mei as doel om in antwurd te jaan op ús fragen. Daliks yn it earste haadstik wurdt al oanjûn dat it giet om in beweging fan Jeruzalem nei bûten ta, nei de folken ta, ja sels oan 'e útein fan 'e wrâld ta.<sup>3</sup> It giet der yn it boek Hannelingen oer op hokker wize oft it evangeelje by de folken telâne komt. De skriuwer hat yn syn boek in dúdlike miening oer hoe't it evangeelje syn wei giet fan Jeruzalem nei Athene om by eintsjebeslút út te kommen yn Rome. Yn dit boek sjogge wy foaral nei dy dielen út it boek Hannelingen dy't dêrmei te krijen hawwe. Fansels is dy kar selektyf, mar de 'capita selecta' dy't wy behannelje, jouwe yn alle gefallen in goed ynsjoch yn 'e problematyk dy't wy sintraal stelle wolle, nammentlik 'op hokker wize oft de minsken út 'e folken diel hawwe meie en kinne yn 'e beweging fan folgelingen fan Jezus.' De titel fan dit boek jout de rjochting al oan: 'Op ús eigen wize'!

### **Tsjerke en teology yn Afrika**

De fragen nei de betsjutting fan taal, kultuer en etnisiteit spylje gjin grutte rol yn 'e 'mainstream' westerske teology. Yn myn teologyoplieding yn Grins hie ik dêr net in soad fan meikrigen. Ek doe't ik my begûn ta te lizzen op de saneamde 'Teology fan 'e Befrijing' sa't dy opkaam yn 'e santiger en tachtiger jierren fan 'e tweintichste iuw, kaam soks hast net oan 'e oarder. Yn 'e Teology fan 'e (ekonomyske) Befrijing út Latynsk-Amearika, de Feministyske Teology en de Swarte Teology gie it yn dy tiid foaral om politike striid. De ûnderlizzende fragen fan kultuer en identiteit wienen noch net opkommen. In earste triuw yn 'e rjochting fan sokke fragen krige ik doe't ik Swarte Teology studearre op Union Theological Seminary yn New York City. Dêr fernaam ik hoe't Afrikaanske teologen it oan 'e stok krigen mei de 'Swarte teologen' út 'e Feriene Steaten fan Amearika. De Afrikaanske teologen leinen folle mear klam op kulturele saken as op politike en ekonomyske aspekten allinne. De wurden fan 'e Kamerûnske teolooch Engelbert Mveng kamen oan as in mokerslach. Hy spruts de folgjende ferneamde wurden op in konferinsje fan treddewrâldteologen:

Der is in type earmoed dat ik 'antropologyske earmoed' neam. Dy bestiet út it alles ôfpakke fan minsken. Net allinne fan alles wat sy hawwe, mar ek fan alles wat har wêzen en essinsje útmakket – har identiteit, skiednis, etnyske woartels, taal, kultuer, leauwe, kreativiteit, grutskens, ambysjes, it rjocht om

---

<sup>3</sup> Hannelingen 1: 8. 'Jimme sille myn getugen wêze yn Jeruzalem en yn hiele Judéa en Samaria en oan ierdryks einen ta.'

frij te sprekken ... wy kinne oant yn it ûneinige trochgean.<sup>4</sup>

Mveng spruts wurden dy't it wêzen fan Afrikaanske Teology útmeitsje. Dat bin ik dêrnei altyd wer tsjinkaam, earst yn myn wurk as dûmny foar bûtenlânske studinten yn Nederlân en letter as dosint teology oan it Presbyterian Theological Seminary te Kumba yn Kamerûn. Yn al dy sindingsjierren (1990-2002) waard ik konfrontearre mei de pine en hertstocht fan Afrikaanske studinten. De pine fan it ferlies fan har identiteit (sa't Mveng dat beskreaun hat) sûnt it begjin fan 'e koloniale tiid én de hertstocht foar (it weromfinen fan) har eigen tradysjes. Foaral by myn teologystudinten yn Kamerûn kaam dy pine hieltyd wer nei boppen:

Wêrom wienen jimme as sindelingen altyd sa negatyf oer ús tradysjes en tradisjonele godstsjinst? Wêrom moasten wy krekt sa as Europeeske kristenen wurde en losmakke wurde fan ús lânseigen achtergrûn? Sjoch hoe't wy as tsjerken tusken Afrika en Europa yn hingje. Wy witte sels net mear wa't wy binne: noch Afrikaansk, noch Europeesk!

De studinten yn Kamerûn sochten om in antwurd op 'e fraach: 'Hoe kinne wy autentyk kristen wêze en tagelyk autentyk yn 'e Afrikaanske tradysjes stean?' It wie foar har in iepenbiering om it wurk fan in teolooch as Kwame Bediako út Gana te lêzen, dy't dy fraach ta tema fan syn wurk makke hie.<sup>5</sup>

Yn it proses om antwurden te finen op sokke fragen is it belangryk om in basis te finen yn 'e bibelske teology. Ik kaam op in spoar doe't ik by ferskate Afrikaanske teologen hieltyd wer ferwizingen nei it boek Hannelingen tsjinkaam. Ik frege my ôf wêrom't sy sa faak teksten út it boek Hannelingen sitearren, en tagelyk besaude ik my oer it feit dat de útlis faak sa beheind en koart troch de bocht wie. Mar myn nijsgjirrigens wie geande makke! De trochbraak kaam doe't ik it boek fan Lamin Sanneh *Translating the Message* ûntduts. Ek al jout er likemin in protte eksegeze oer it boek Hannelingen, hy joech my in nije hermeneutyske kaai, in nije wize fan ynterpretaasje oangeande teologyske fragen oer folken, taal en kultuer.<sup>6</sup>

---

<sup>4</sup> E. Mveng, 'Third World Theology. What Theology? What Third World? Evaluation by an African Delegate' yn: V. Fabella and S. Torres (eds.), *Irruption of the Third World: Challenge to Theology. Papers from the 5th International conference of EATWOT* (Maryknoll: Orbis Books, 1983), 220. Sjoch ek: E. Mveng, 'Impoverishment and liberation' yn R. Gibellini (ed.), *Paths of African Theology* (London: SCM Press, 1994), 156-157.

<sup>5</sup> K. Bediako, *Jesus in African Culture: A Ghanaian Perspective* (Accra: Asempa Publishers, 1990), 12.

<sup>6</sup> Lamin Sanneh, *Translating the Message: The Missionary Impact on Culture* (Maryknoll: Orbis Books, 1989).

Neffens Sanneh is fertaalberens ('translatability') ien fan 'e wichtichste skaaimerken fan it kristendom. Wannear't in godstsjinst de grins oergiet, dan kinne yn prinsipe twa wegen folge wurde. De earste makket de missionêre kultuer ta de ûnskiedbere drager fan it boadskip, dat wol sizze: dan komme godstsjinst en kultuer tagelyk en mei-elkoar as ien 'hillich' pakket. De oare wei sjocht de ûntfangende kultuer as doel en drager fan it boadskip dêr't de godstsjinst troch brocht wurdt, sûnder de noasje fan kulturele ôfwizing. It kristendom hat dy twadde wei, neffens Sanneh, as skaaimerke. Alle kultueren hawwe 'de azem fan Gods foarkar' oer har krige en reitsje it stigma fan ynferioriteit kwyt. Der is dus gjin sprake fan in hillige taal (Hebriuwsk of Arameesk) mar fan in fertaalbeweging nei de ûntfangende kontekst ta. Yn it boek Hannelingen en yn 'e teology fan Paulus betsjut dat in relativearring fan 'e dominante (Joadske) kultuer en in de-stigmatisearring fan 'e ûntfangende, ûnderlizzende kultueren.<sup>7</sup> Neffens Sanneh hat dat in radikale pluraliteit yn it kristendom ta gefolch. Paulus syn útspraken oer besnijenis en oer 'leauwe tsjinoer wurken' moatte dêrom, yn sawol de brieven as yn it boek Hannelingen, net lêzen wurde as teologyske kwestjes mar earder as kulturele kwestjes yn 'e striid tusken de Joadske en heidenske kristenen.<sup>8</sup>

Yn dat perspektyf wol ik besykje in bibelsk-teologyske basis te jaan foar it 'evangelysk' omgean mei folken, taal en kultuer, basearre op selektarre perikopen út it boek Hannelingen dy't te krijen ha mei de oergong fan it evangelje út 'e 'Joadsk-kristlike' kontekst nei in 'heidensk-kristlike' kontekst. Sa hoopje ik de spoaren út te wurkjen dy't útset binne yn 'e Afrikaanske teology. Mar foar alle dúdlikheid: dit boek giet net oer Afrikaanske teology. It is my yn de rin fan 'e jierren helder wurden dat it boek Hannelingen überhaupt wichtich is foar alle foarmen fan kontekstuele teology, oft dat no Yndiaanske, Koreaanske, Afrikaanske, Fryske of hokker teology dan ek is dy't op in eigen wize kritysk neitinke wol oer leauwe en tsjerke yn 'e eigen (kulturele) kontekst. Yn it boek Hannelingen wurde prinsipiële besluten naam oer hoe't it evangelje ferkundige wurde moat en stal krije kin 'yn Jeruzalem en yn hiele Judéa en Samaria en oan ierdryks einen ta'.

### **Tsjerke en teology yn Fryslân**

Ek yn 'e kristlik-Fryske beweging hat it boek Hannelingen in sintrale rol spile. Ien perikoop mei in pear beskate fersen hat lange tiid sels as flagge foar de beweging tsjinne. De titel fan it tydskrift fan it Kristlik Frysk Selskip (KFS) wie 'Yn ús eigen Tael'.<sup>9</sup> Op it omslach fan alle nûmers fan it tydskrift (yn 'e

---

<sup>7</sup> Lamin Sanneh, 'Gospel and Culture: Ramifying Effects of Scriptural Translation' yn: Philip C. Stine (ed.), *Bible Translation and the Spread of the Church. The Last 200 Years* (Leiden: E.J. Brill, 1992), 1-23.

<sup>8</sup> Sanneh, *Translating the Message*, 9-49.

<sup>9</sup> It tydskrift hat bestien fan 1909-1943.

perioade 1909-1924) stie net allinne de titel 'Yn ús eigen Tael', mar ek in kombinaasje fan Hannelingen 2, fers 8 en 11: 'Ho hearre wy hjarren elk yn ús eigen tael, dêr't wy yn berne binne forkundigjen Gods greate wirken'. It is signifikant dat it pinksterferhaal sa'n wichtige rol spile, sels sá dat oant fier yn 'e tweintichste iuw gearkomsten organisearre waarden op pinkstermoandei, dat ek de dei fan oprjochting wie. Ek oare teksten út it boek Hannelingen wurde geregeldwei brûkt. Ien fan 'e oprjochters fan it KFS, ds. Sipke Huismans, wiist yn in taspraak te Snits yn 1916 derop dat Paulus yn Jeruzalem de minsken yn 'e taal fan 'e Joaden taspriek (Hannelingen 22: 2).<sup>10</sup> In oare oprjochter fan it KFS, dr. Geert Aeilco Wumkes, jout yn syn wichtige boekje *Kristlik Frysk Leauwe* út 1936 ferskate ferwizingen nei it boek Hannelingen.<sup>11</sup> Mar tagelyk komme wy net in soad eksegeze of bibelske teology tsjin yn 'e geskriften fan 'e kristlik-Fryske foarmannen. Op ien of oare wize wie it rjocht op it brûken fan 'e eigen taal yn godstsjinst en tsjerke op grûn fan Hannelingen 2 sá fanselssprekkend dat der fierders gjin teologyske refleksje nedich wie. Yn it tydskrift en de geskriften liket it meastentiids te gean om de wize dêr't de striid op fierd wurde moat om it Frysk in plak te jaan yn tsjerke en yn alle ûnderdielen fan it maatskiplike libben. Wumkes hie, miskien as ien fan 'e inkelden, wol troch dat it net gie om in algemiene taalstriid dy't ek yn 'e tsjerke fierd wurde moast. Nee, hy wist dat it hearde by it wêzen fan 'e tsjerke en ien fan 'e basisprinsipes útmakke fan 'e kristlike teology.<sup>12</sup> Spitigernôch is dat noait yn bibelsk- teologyske sin útwurke. Dat liket wol in gelikense ûntwikkeling as by Afrikaanske teologen.

Yn dit boek wol ik dy stap nei teologyske refleksje sette en dúdlik meitsje dat it pinksterferhaal út Hannelingen net tafallich yn haadstik twa stiet, dus oan it begjin fan it bibelboek. It is noch mar it begjin fan in ûntjouwing fan 'e hillige Geast dy't trochgiet yn dit hiele bibelboek. Ik wol besykje út te lizzen dat it pinksterbarren wiswier tige wichtich is, mar dat it boek Hannelingen noch folle mear te bieden hat. Dêrmei hoopje ik in bibelsk-teologyske tsjinst te bieden oan tsjerke en teology yn Afrika

---

<sup>10</sup> S. Huismans, 'Preekjen yn eigen taal' yn: J. Popkema (einred.) *Mei it wiffe skip: nei hûndert jier Kristlik Frysk Selskip* (Ljouwert: Elikser, 2008), 55-61; G.A. Wumkes (red.), *Ta in tinkstien: Samle skriften fen ds. S. Huismans* (Boalsert: A.J. Osinga, 1927), 114-122.

<sup>11</sup> G.A. Wumkes, *Kristlik Frysk Leauwe: Yn Tsiën Kêsten mei Taljochting*. De Fryske Librije. Rige Lytse Folksskriften (Boalsert: A.J. Osinga, 1936). Oer de skiednis fan it KFS giet Jan Popkema, *De kristlik-Fryske beweging yn de tweintichste ieu* (Gorredijk: Bornmeer, 2014). Haadstik 4 dêrfan giet mear spesifyk oer de bibelsk-teologyske achtergrûn by it KFS; dêryn wurdt op s. 163-169 neier yngien op Wumkes' boekje.

<sup>12</sup> Wumkes, *Kristlik Frysk Leauwe*, 46.

en Fryslân, en oan alle streamingen dy't neitinke oer de teologyske betsjutting fan folk, taal en kultuer.

### **Kontekstuele teology**

Elke teology is kleure troch de kontekst fan ûntstean. Dat hat altyd al sa west, mar it is pas ta in tema wurden yn 'e twadde helte fan 'e tweintichste iuw. Eartiids mienden teologen dat sy dé wierheid yn 'e Bibel fine koenen en dy allinne mar tapasse hoegden yn tsjerke en maatskippij. Se seagen fansels wol it ferskaat yn kristlike tradysjes, mar der koe mar ien gelyk ha. Op syn bêst late dat ta dialoach en útwikseling, op syn minst ta fjochterij en splintersykjen. It hawwe de ferskate foarmen fan befrijingsteology west dy't de dominante streamingen konfrontearre ha mei har iensidige wierheden. Swarte teologen leinen it rasisme fan wite teologen op 'e pynbank: sy kamen mei ûntheisterjende foarbylden oer hoe't de belangen fan wite minsken en tsjerken ferfrissele wienen mei en legitimearre waarden troch har wite teology. Feministyske teologen ûntmaskeren it manlike teologyske bedriuw as djipgeand seksistysk. Befrijingsteologen yn Latynsk-Amearika lieten sjen hoe't diktatoriale rezjyms ekonomyske en ideologyske stipe krigen fan 'e tsjerken. Treddewrâldteologen klagen de westerske tsjerken en teologen oan as hantlangers fan koloniale systemen en fan ekonomyske en politike ûnderdrukking.<sup>13</sup> Sa ûntstie stadichoan it ynsjoch dat teologyske wierheden en posysjes yngeand beynfloede wêze kinne - en binne - troch maatskiplike belangen. Faak hawwe tsjerke en teology maatskiplike posysjes legitimearre. Faak ek binne op dy wize oarloch en ûnrjocht ideologysk stipe. Se betizen de eigen belangen dan mei de 'wierheid'.

Tagelyk wienen in soad minsken dy't aktyf wienen yn rûnten fan sinding en oekumene, ta de ûntdekking kaam dat der in enoarm kultureel en teologysk ferskaat bestiet yn it wrâld- kristendom. Yn 'e missiology (de teologyske refleksje op sinding en missy) waard in protte skreaun oer 'kultuer en evangeelje'. De termen kontekst en kontekstuele teology waarden hieltyd faker brûkt. Se bedoelden dêr yn 'e missiology foaral mei dat tsjerke en teology yn elke lokale kontekst (wat geografy en tiid oanbelanget) leare moatte om yn te gean op 'e fragen en útdagingen fan dy lokale kultuer.<sup>14</sup> Der moat dus in dialoach ûntstean tusken it bibelsk boadskip en de lokale kontekst. It daliks

---

<sup>13</sup> Der binne boekekasten folskreaun oer dy foarmen fan teology. Ik neam hjir in pear wichtige titels dy't ek fierdere ferwizings jouwe. G.S. Wilmore and J.H. Cone (eds.), *Black Theology: A Documentary History, 1966-1979* (Maryknoll: Orbis Books, 1979); E. Schüssler Fiorenza, *In Memory of Her: A Feminist Theological Reconstruction of Christian Origins* (New York: Crossroad, 1987); G. Gutiérrez, *Theologie van de bevrijding* (Baarn: Ten Have, 1974); R.S. Sugirtharajah (ed.), *Voices from the Margin: Interpreting the Bible in the Third World* (Orbis/SPCK, 1995).

<sup>14</sup> Sjoch bygelyks Stephen B. Bevans, *Models of Contextual Theology* (Maryknoll: Orbis Books, 1992); Robert J. Schreiter, *Constructing Local Theologies* (Maryknoll: Orbis Books, 1985).

dêrútfolgjende ynsjoch wie fansels dat de bibelske teksten sels ek ûntstien binne yn in spesifike kontekst. Dus it bibelsk boadskip sels is ek de útkomst fan kontekstuele teology. Wy soenen sizze kinne dat de fjouwer evangeeljes elk op har eigen wize besykje om it boadskip fan Jezus te kontekstualisearjen foar har eigen harkers en gemeenten. Paulus syn brieven binne in model foar in kontekst-oriïntearre teology dy't each hat foar de fragen en útdagings fan 'e ferskate tsjerken en situaasjes.<sup>15</sup> Yn it boek Hannelingen giet it spesifyk oer de fraach hoe't it boadskip fan in Joadske kulturele en religieuze kontekst oerset wurde kin nei de kultueren en konteksten fan net-Joadske folken. De teologyske oanpak fan Lukas sille wy yn dit boek besykje te ûntraffeljen. Dy oanpak sille wy dan hifkje yn in dialooch tusken tsjerke en teology yn Afrika en Fryslân.

Sjoen de tematyk fan dit boek is it logysk dat ik it skriuw yn myn memmetaal. It giet ommers oer it goed rjocht fan ús eigen Fryske taal en kultuer yn leauwe, tsjerke en teology. Likegoed soe ik ferdigenje kinne dat it yn it Ingelsk skreaun wurde moatten hie. Yn dit boek giet it om 'e grûnslach foar elke kontekstuele teology, wêr't dat op 'e wrâld ek wêze mei. Dan soe bygelyks it Ingelsk as grutte algemiene taal miskien in bettere kar wêze. Dat is it dilemma fan dit projekt. Oan 'e iene kant wol ik de eigen, lytse kontekst serieus nimme. Kontekstuele teology stiet ommers foar universele teology oer, dy't altyd mar wer út 'e dominante tsjerklike sintra fan 'e wrâld wei (oft dat no Jeruzalem, Rome of Genève is) har teologyske konsepten útdraacht oan ierdryks einen ta. Yn kontekstuele teology wurdt teology beoefene út 'e fragen en útdagingen fan 'e eigen kontekst wei.

Mar dat ymplisearret, oan 'e oare kant, net dat kontekstuele teology neat mei de grutte wrâld te meitsjen hawwe wol. De hiele wrâld - en dus it universele perspektyf - is fan grut belang as diskusjepartner yn 'e oekumene. De konteksten wikselje hieltyd yn it bibelboek Hannelingen. En ek yn dit boek giet it perspektyf hinne en wer tusken Israel, Samaria, Etiopië, Athene en Rome oan 'e iene kant en Fryslân en Afrika oan 'e oare kant. Dit projekt besiket dus net koartsichtich of nasjonalistysk te wêzen, want dan wurdt net fierder sjoen as de eigen noas lang is. Mar wy akseptearje ek gjin foarskreaune en opleine, saneamde universele wierheden en antwurden dy't betocht binne yn dominante en oerhearskjende konteksten. Wy besykje it te dwaan op ús eigen wize. It boek hie dus likegoed yn it Nederlânsk of Ingelsk skreaun wurde kind, wie it net dat ik ticht by de kontekst bliuwe wol dêr't ik op it stuit yn libje en wurkje.

Fierders ha ik derfoar keazen om gjin yngewikkeld akademysk boek te skriuwen. Myn doel is om minsken dy't ynteressearre binne yn tsjerke en teology, in útlis te jaan fan inkelde haadstikken út it

---

<sup>15</sup> Dean Flemming, *Contextualization in the New Testament: Patterns for theology and mission* (Leicester: Apollo, 2005), 15.

boek Hannelingen mei it each op 'e diskusje oer teology yn Fryslân oan 'e iene kant en tsjerke en teology yn Afrika en oare konteksten oan 'e oare kant. Dat it net akademysk is, wol net sizze dat it sa no en dan net dreech wêze sil. Mar ik sil net hieltyd yn petear wêze mei oare (bibelske) teologen. Wol sil ik nei har boeken en mienings ferwize yn 'e fuotnoaten. Wa't dêr nijsgjirrich nei is en fierder lêze wol, kin dat dan dwaan op eigen manneboet.

It grutste diel fan dit boek giet oer de eksegeze en bibelske teology fan 'e sân 'capita selecta' út it boek Hannelingen (haadstik 2-9). Der binne inkelde útstapkes. Yn haadstik 4 (Kom, lit ús delkomme) behannelje ik it ferhaal fan 'e 'Toer fan Babel', in hiel wichtich bibelferhaal foar ús tematyk. Yn haadstik 10 (Hannelingen fan it kristendom) kom ik werom op it apostelkunsily fan Hannelingen 15 fanwegen de spesjale ynterpretaasje dy't de Nigeriaanske teolooch Hilary Mbachu dêrfan jout. Yn 'e lêste twa haadstikken (10-11) kom ik werom op inkelde systematyske fragen dy't hjir yn dizze ynlieding op it aljemint brocht binne en dy't folgje út 'e ynterpretaasje fan 'e haadstikken út Hannelingen. Yn dy lêste haadstikken giet it om de ymplikaasjes fan it yn dit boek útsette paad foar tsjerke en teology yn Fryslân en foar kontekstuele teology yn it algemien.